

yntern
Memo

Portefeuille-oerlis Sietske Poepjes

Oan : **Sietske Poepjes**
Fan : XXXXXXXXXX
Tastelnr. : XXXX
CC : **Dielnimmers PO**
Ôfstimd mei :
Status : **0 Tkn** ~~0 Hammerstik~~ ~~0 Ta besprek~~
Datum : **23 jannewaris 2012**
Ûnderwerp : **Wegenprojekt N358, Skieding - Uterwei**

1. Wêr giet it oer?

Op 1 febrewaris stiet in algemiene ynformaasjejûn op it program foar it wegenprojekt 'N358, Skieding – Uterwei'. Op dizze jûn sil deputearre Poepjes ek oanwêzich wêze om ûnder oaren de iepening fan de jûn te fersoargjen.

Dêrneist fynt op dyselde dei in bestjoerlik petear plak met wethâlder Lammers fan de gemeente Achtkarspelen, ek oer dit wegenprojekt (op fersyk fan de wethâlder).

Yn de taheakke memo stiet de noadige eftergrûnynformaasje oer it projekt 'N358, Skieding – Uterwei' dy't fan belang kin wêze foar beide mominten. Dêrneist wurdt op freed 27 jannewaris moarns in wurkbesite hâlden oan twa wegenprojekten, te witen: Stroobossertrekweg en de Skieding - Uterwei. De taheakke memo tsjinnet as tarieding foar it wurkbesite en foar 1 febrewaris; ûnder it wurkbesite kin deputearre ek noch neiere fragen stelle oer it projekt Skieding - Uterwei.

Nb: mei dit PO-stik komme noch trije bylagen:

- dokumint mei neier ynformaasje
- dokumint mei in kaartsje mei de foarlizzende maatregelen (globaal)
- dokumint mei de ôfweaging fan meardere ûntwerpen foar elk knelpunt / de maatregelen

2. Wat moat deputearre Sietske Poepjes beslute?

- Kennis nimme fan de taljochting oer it wegenprojekt 'N358, Skieding – Uterwei'.

3. Past it yn it belied?

Net fan tapassing

4. Wat kost it, wêr komt it jild wei en wat krije we der foar?

Net fan tapassing

5. Moat der publisiteit oan jûn wurde?

Net fan tapassing